



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan heit en mem, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Hjoed fertelt pake...

De rike man en de earne Lazarus Lukas 16, 19-31

Sara en Simon geane in pear dagen nei pake ta. Se reizgje mei Daniël op ien fan syn kamielen. Utfanhûs by pake is foar Sara en Simon altyd in grut feest. Pake wennet tichteby de mar. In moai plak om te fiskjen.

As se jûns oankomme, makket pake in fjoer en seit: “Gean mar gau sitten. Jim sille wol ferlet fan iten ha.”

Sara en Simon knikke. Se hawwe hjoed allinne mar bôle en wetter hân. It wie waarm. “Us Daniël sliept hjir fannacht ek”, seit Simon.

“Der hie ik al op rekkene”, laket pake. Hy pakt fjouwer fisken en leit dy op it fjoer. “Ik sil jim in ferhaal fertelle. Dan kinne we dêrnei ite.”

Sara en Simon geane mei de rêch tsjininoar oansittten. Dit is it moaiste momint fan de dei. Pake kin sa moai fertelle. Harkje mar...

“Der wie ris in rike man. Hy droech de djoerste kleen. Soms hie er sels in reade keningsmantel oan. En hy wenne yn in foarnaam hûs mei in prachtige tún en in grut swimbad. Alle dagen joech er in feest foar freonen en famylje.”

“Dan moat er wol hiel ryk west ha”, sei Sara.

“Jawis, dat wie er!”

“Hoe hjitte er dan?” frege Sara”

It bleau in skofke stil... Pake moast djip neitinke. “It is al wer lang lyn dat ik it ferhaal fan Jezus heard ha. Mar ik wol leauwe dat Jezus syn namme net neamd hat. Dat wie net wichtich, want it giet hjir om de man dy’t net sjoen wurdt, Lazarus.”

Simon seach pake oan en frege: “Is it wer in ferhaal mei in foarbyld?”

“Ja! Dat is tûk fan dy, Simon. Jezus fertelt meastal ferhalen mei foarbylden. Dêrom giet it hjir net om de rike man, mar om de earne Lazarus.”

Pake fertelde fierder:

“Lazarus lei alle dagen foar it hûs fan de rike man. Op syn hannen en fuotten sieten fize plakken. Se jokken him o sa. As er deroan klaude, kaam der bloed út. Je koene sjen dat de plakken him sear diene. Tagelyk hie er ek honger. Dêrom lei er dêr.

As de rike keapman iten hie, bleau der wolris wat oer. Dan krûpte Lazarus nei de tafel ta. De krûmels dy't op 'e grûn leine, wiene foar him. It wie lang net genôch fansels. Dêrom waard er ek hieltyd siker. Sa no en dan kamen der hûnen. Dy slikken oan syn seare plakken.

De rike man fûn it lestich dat Lazarus by him foar de doar lei. As er jûns thúskaam, stroffele er oer him. Moaie klean en fleurige feesten wiene foar him folle wichtiger.

Mar der bruts in oare tiid oan...

Ingels brochten Lazarus by Abraham. Dy seach him wol! Abraham naam Lazarus mei, wosk him en fersoarge syn seare plakken. Wat fielde dat goed!

Jûns joech Abraham in grut feest. Alle minsken wiene wolkom. Der waard muzyk makke en fleurich lake. Foaroan, njonken Abraham, siet Lazarus.

Op 'e tafels stiene de lekkerste hapkes. Elkenien mocht safolle ite as er mar woe.

It feest wie al folop oan 'e gong doe't de rike man troch de doar kaam. Abraham stapte op him ta en sei: “It muoit my och sa, mar ik kin jo neat oanbiede. Miskien bliuwe der aanst noch wat krûmkes lizzen.”

Abraham wiisde nei de tafels dy't fol stiene mei lekkere dingen.”

Pake stapte nei it fjoer ta. Wylst er de fisken omdraaide, sei er: “It hie better west as ik fiif fisken op it fjoer lein hie.”

“Werom?” frege Simon. “Wy binne ommers mei ús fjouweren.”

“Dan hie der ek in fisk west foar immen dy't honger hat, lykas Lazarus.”